



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en begjint ‘in mij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus.

In rike jongeman

Lukas 18, 18-27

It wie foar Sara en Simon al wer de lêste dei by pake. De oare moarns betiid soe Daniël komme en soene se wer nei hûs ta gean.

Krekt as gie de tiid by pake folle hurder as thús. Dat kaam fansels trochdat se safolle belibben. Pake betocht alle dagen wol wat nijs.

“Kom, jonges”, rôp pake, “we geane nei de mar! De netten lizze al klear. Wa wit, fange we noch wat.”

“Hoi”, rôpen Sara en Simon tagelyk. Mei pake te fiskjen wie altyd spannend!

“Ik sjou de netten wol”, sei Simon.

“Nimsto de bôle mei, Sara?” frege pake.

It duorre net lang of se sieten mei harren trijen yn ’e boat. Pake seach nei de loft: der wie gjin suchtsje wyn te bekennen. “Fiskjen wurdt foarearst neat! We farre in eintsje út ’e wâl en geane dêr foar anker lizzen. We sjogge wol hoe’t it waar wurdt.”

Sara en Simon seagen inoar aan en rôpen tagelyk: “... dan fertelt pake ús in ferhaal!”

Pake knypte de eagen op in kier. Krekt as moast er hiel djip neitinke. Mar dat wie mar in grapke. Hy lake en sei: “No, toe dan mar!”

Doe’t de boat foar anker lei, begûn pake...

Der komme hieltyd mear minsken dy’t mei Jezus prate wolle. Want Jezus fertelt oare dingen as dat se wend binne. Hy wol dat de minsken mear omtinken jouwe oan siken en earmen. Dêrom seit Jezus: Sûne minsken moatte foar siken soargje en rike minsken foar earmen.

Op in dei kaam der in jongeman nei Jezus ta. Oan syn klean koest wol sjen dat er ryk wie. De jongeman stapte op Jezus ta en sei: "Jo binne Jezus fan Nazaret? Ik ha in soad goede dingen oer Jo heard. Dêrom bin ik bliid dat ik Jo hjoed moetsje. Ik haw Jo noch net earder sjoen, mar wol in soad oer Jo heard. Jo binne in goed minske. Dat wol ik ek graach wurde. Kinne Jo my fertelle hoe't ik lykas Jo wurde kin?"

Jezus seach de man oan en sei: "Wêrom neamsto my goed? Allinne God is goed! Doch mar wat der fan dy ferwachte wurdt."

"Wat bedoele Jo? Wat moat ik dan dwaan?"

"Dat witsto sels wol", antwurde Jezus. "Hâld jim heit en mem yn eare. Stel net fan oaren. Moardzje net."

"Dat ha ik al fan ús heit en mem leard. En ek yn 'e synagoge. Ik ha my altyd oan de wet holden. Mar ik haw it gefoel dat dat net genôch is."

Jezus seach him freonlik oan. Want Hy fielde dat de jongeman it miende. "Der is noch wat", sei Jezus. "Do hast in soad besit. Dêr hast it altyd drok mei. Ferpartsje it ûnder minsken dy't neat ha. Dan kinst oars libje."

"Alles weijaan?" De jongeman skrok en rôp: "Mar dat kin net!"

"Dat kin bêst", sei Jezus. "Doch it en kom dan mar werom."

"Dat miene Jo dochs net? As ik alles weijou, ha ik neat mear. It spyt my, mar dêr kin ik net oan beginne."

Teloarsteld sette de jongeman ôf.

"Wat spitich", sei Jezus. "Hy wol it wol, mar hy kin it net. De sinten binne baas oer him wurden."

Sara gie rjochtoerein sitten, seach pake oan en sei: "Wy binne ek ryk! Us heit hat in soad skiep."

"En ús Daniël hat kamielen," rôp Simon.

Pake knikte en sei: "Ik wit it. Jim binne ryk!"

"Is pake ek ryk?" frege Sara.

Pake knikte: "Ik ha jim, ik ha Daniel, jim heit en mem, jim omkes en muoikes en noch folle mear! Ik wol leauwe dat ik de rykste pake bin fan allegear!"

Simon spróng oerein en joech pake de 'hi-five'. De boat skommele bot hinne en wer.

Sara rôp: "As we mei-inoar diele, binne we allegear ryk!"